

## FRYSLAN-A EKSAMEN

18 april 2015

### IV Skriuwopdracht

(60 min.)

*Sykje ien fan de ûndersteande ûnderwerpen út. De lingte fan alle opdrachten moat sa'n 300 wurden beslaan. Betink, dêr't it doel hat, in passende titel. En tink derom: wa't net oer ien fan dizze ûnderwerpen skriuwt, kriget in 3. Dat jildt ek foar wa't oer **mear** ûnderwerpen **wát** skriuwt.*

1. Op in dei falt de haadpriis fan de “Postcodeloterij” yn jo strjitte. Jo winne in grut jildbedrach en in nije auto. De buorlju falle spitigernôch bûten de prizen, want se dogge net mei. Hokker ynfloed hat soks op de relaasje tusken jo en de buorlju? Skriuw jo ûnderfiningen út.
2. Jo freon/freondinne hat in healjier ferlyn in nije waskmasine kocht. Der hat al twa kear in monteur by west, om't der maleur wie mei it apparaat. Wat is jo grutste miskeap yn de ôfrûne jierren? Fertel jo ferhaal.
3. Hoe sjogge jo nei de tiid doe't jo 16 jier wiene? Mei weemoed? Of binne jo bliid dat jo no âlder binne? Jou jo miening.
4. Hoefier giet jo leafde foar in húsdier? Hawwe jo in kat of in hûn of in oar húsdier? Of hawwe jo dêr in ôfkear fan? Fertel yn in persoanlik ferslach hoe't jo dêroer tinke.
5. “It wie hearlik om sa oer it lege strân te rinnen. Ik hie de seewyn al hiel lang net mear om 'e holle field. Hoeden stapte ik oer efterbleaune kwallen hinne. Hjir en dêr leine plestik flessen. En skulpen, prachtige blauwe, brune en wite. Ik socht wat byinoar yn in meibrocht pûdsje. Wylst ik oer it sân eage, seach ik wat lizzen... Lit jo fantasy wurkje en meitsje boppesteand begjin fan in ferhaal ôf.
6. Wat is jo favorite fakânsjebestimming? Wat driuwt jo om krekt dêr jo frije dagen troch te bringen? Beskriuw jo fakânsjeplak en fertel wêrom't it foar jo sa goed is om dêr te wêzen.
7. Hoe sjogge jo de takomst? Posityf of negatyf? Hjoed-de-dei is it net fanselssprekkend dat jo in baan fine, sels net as jo noch jong binne. Hoe sil de soarch him ûntwikkelje wannear't jo wat âlder binne, hoe kinne jo sûn bliuwe? Skriuw in persoanlike takomstferwachting.
8. Sparje jo postsegels, geane jo te hurdfytsen of rinne jo in soad? Wat dogge jo yn jo frije tiid? Skriuw in persoanlik ferslach oer jo hobby of sport.